

F!SIDE



De Personal Organizer is net allinne yn Amearika in bekend fenomeen. Ek yn Fryslân kinne jo no jo eigen opromhelp ynhiere. As guon wurksomheden foar jo te swier binne, jo hawwe it net oan tiid, jo binne der folslein mei oan en jo witte net mear wêr't jo begjinne moatte, dan wurdt it tiid om bygelyks Griet Hollema fan Ljouwert te skiljen. Sy soarget der foar dat alles yn hûs en tún wer organisearre en op oarder is.

foto:engyf

Griet Hollema bringt jo hûs en tún op oarder.

Griet Hollema hat sûnt maart 2005 har eigen bedriuw 'Organiseer je huis', dat minsken yn Ljouwert en omkriten de helpende hân tarikt. "Doe't ik nei achttjin jier detailhannel wat oars woe, kaam ik op it idee om fan datjinge dêr't ik goed yn wie, myn wurk te meitsjen. Ik wie altyd al in oprommerich typ en stie regelmjittich by oaren thús de kasten te reorganisearjen." Fia ferskate soarchynstânsjes kaam Griet Hollema oan har wurk. "Der binne op 't heden in soad âlde minsken dy't har oanmelde. Se wolle graach lang op harsels wenjen bliuwe en net altyd har eigen bern freegje om te helpen yn de húshâlding. Oarsom komt it ek foar dat de bern my belje foar harren âlden, om't se sels net oan helpen takomme of net yn de buurt wenje. Sa'n tachtich prosint fan myn klanten hat lichaamlike of psychyske klachten. Utsein âldere minsken help ik ek minsken dy't bygelyks in auto-ûngelok hân hawwe of psychyske problemen hawwe om't se bygelyks immen ferlern hawwe. De oare tweintich prosint binne jonge stellen dy't it te drok mei it wurk ha en net oan harren eigen hûs en tún takomme."

Jiskebult

Sadree't Griet by in oar thúskomt, hat se de jiskepûden yn 'e oanslach en begjint

se mei it fuortsmitten fan troep. "Doe't ik ris in trochsakke bêd opmeitsje soe, murk ik dat it earne op hingjen bleau. Doe't ik ûnder it bêd seach, lei dêr in jiskebult mei lege sjipspûden, kopkes, messen, foarken en itensresten. Ek komt it regelmjittich foar dat ik de doarren fan keammerkes net iens iepen krije kin. De kasten binne dan leech, mar de flierren lizze besiedde mei klean en oare rotsoai. As se it guod dan echt net mear kwynt kinne, brûke se de dús as opslachplak. De dús kin dan fansels ek net mear brûkt wurde. Neidat ik it oanrjocht rom ha, begjin ik altyd boppe mei it opromjen. Ik soargje derfoar dat minsken in bêd mei skjin bêdeguod hawwe om op te sliepen. It liket hiel fanselssprekkend, mar der binne minsken dy't altyd op de bank sliepe of net iens bêdeguod op harren bêd ha. Soms ha se net iens in waskkoer of in strykplanke.

Ik ha sels yn it hok noch allegear guod te stean en oars gean ik foar de minsken nei de kringloopwinkel. Ik ha wolris by in húshâlding west dy't altyd mei de panne op skoat op de bank siet te iten om't se gjin hege tafel hienen. It docht my dan goed om te sjen hoe bliid ik sokke minsken mei in tafel fan de kringloopwinkel meitsje kin. No koenen se oan tafel ite. Dat hienen de bern noch nea meimakke."

Gjin skjinmakster

Griet helpt jo mei fan alles, sels de administraasje, mar skjinmeitsje docht se net. "Fansels meitsje ik in kast wol skjin as ik him wer opnij yndiel, mar ik bin gjin skjinmakster. As der klussen yn en om hûs binne dy't ik net dwaan kin, mar dy't wol dien wurde moatte, dan hier ik dêr minsken foar yn." Tine Krol, Griet har partner, helpt sa no en dan ek mei yn it bedriuw. Tine: "Ik help Griet mei it meitsjen fan ôfspraken, de planning, it ûnderhâld fan de webside en technyske saken as it oansluten fan kompjûters. Ek help ik mei by it ferhúzjen fan âlde minsken. Ik regelje dan saken as fersekeringen en telefoanoanslutings. De earste kear doe't wy in âlde frou ferhuzen, ha we har om samar te sizzen as lêste út har wente helle en har wer krekt sa yn har stoel yn har nije oanleunwente setten. Alles stie wer op itselde plak as yn har eardere keamer. Se pakte de ôfstânsbetsjinning en sette de televyzje oan, as wie der nea wat feroare."

Wa't help fan Griet Hollema ha wol, kin sjen op www.organiseerjehuis.nl of belje nei 058-2885510.

Dieuwke Posthumus